

Steatekommisje Boarger en Mienskip

Datum gearkomste: 17 juny 2009

Wurklistpunt: @

STEATEKOMMISJE BOARGER EN MIENSKIP

Ferslach fan de gearkomste op 6 maaie 2009 yn it Provinsjehûs

Oanwêzich:

De kommisjeleden:

J. From (CDA), foarsitter, J.W. van der Hoek (SP), vice foarsitter, R.H. Algra (CDA), A. Autar (PvdA), F. Baron (SP), G. Benedictus (CDA), A. Bijlsma (FNP), Y. De Boer (ChristenUnie), T.A. Dorrepaal (CDA), mefrou G.L. van Duinen (PvdA), mefrou P.H. de Graaf-van der Meer (FNP), mefrou I. Groeneveld (GrienLinks), mefrou A. Haga (ChristenUnie), R. van der Honing (GrienLinks), mefrou S.Hosman-Benjaminse (VVD), P. Jonker (PvdA), A. van der Kolk (SP), R. van Maurik (PvdA), mefrou B.A. Miedema (VVD), T. van Mourik (VVD), A. Oostland (ChristenUnie), mefrou F.H. Reitsma-Hazelhoff (CDA) en A.H.J. Versteeg (PvdA)

De amtners: mefrou B.J. Wiarda (sekretaris), E. Kim (notulist)

Foar it kolleezje: De deputearren: P. Adema, mefrou J. de Vries en mefrou C. Schokker-Strampel

04. Notysje Oanfalsplan Frysk oer Gearfetting diskusje Oanfalsplan Frysk en oansetten foar takomstich taalbelied

De foarsitter seit dat it hjir om in stik giet fan PS, mar stelt út yn de twadde termyn deputearre De Vries yn de diskusje te belûken. It kin ommers sa gean dat besletten wurdt it stik nei DS troch te stjoeren of eventueel nei it Presidium.

Der binne twa ynsprekkers: de hearen drs. W. Verf en drs. Th. Dijkstra, foarsitter fan de wurkgroep takomstich taalbelied.

De hear Verf stelt him foar as direkteur fan de kristlike wolwêzenorganisaasjes yn Fryslân, âldsteatelid en skriuwer fan in fiiftal Fryske boeken. Hy seit soargen te hawwen oer de takomst fan de Fryske Taal. By de jongere generaasjes giet de Fryske Taal yn kwaliteit en kwantiteit efterút en hy hopet dat it Provinsjaal bestjoer dizze soarch mei him dielt. Formeel hat dat altyd sa west. Sûnt Kneppefreed is der in protte regele oer it brûken fan it Frysk, mar it kin noch hieltiten better. It sil der yn de takomst op del komme dat nei in perioade fan it befjochtsjen fan emansipatoryske rjochten foar it Frysk de minsken eins mear en mear "ferlied" wurde moatte om it Frysk te brûken. It spylfjild foar it Frysk leit beheind tusken twa utersten: it Frysk stjert in trage dea of it sil noch wol trije generaasje duorje. Dêryn kinne jo op twa manieren stean: "it hâldt in kear op" of "deksel, dat moat net wêze!"

Omdat de provinsje perfoarst de bestjoerslaach is om foar it Frysk op te kommen, pleitet de hear Verf foar in "brede maatskiplike diskusje", want foar it stimulearjen fan it Frysk is draachflak nedich en as minsken it fan boppe ôf oplein wurdt, dan ropt dat syn eigen wjerstân op. De legitimaasje foar it behâld fan de Fryske taal moat by de minsken wei komme. Hy ropt de provinsje op sa'n ûndersyk te organisearjen. Der sit in risiko yn dat it draachflak net helle wurdt, mar it jout ek de kâns dat de befolking as gefolch fan de efterútgong aktivearre wurde om harren foar it behâld fan de Fryske Taal yn te setten. De hear Verf sprekt syn tank út foar de beane gelegenheid om syn ferhaal dwaan te kinnen. De hear Van der Honing (GrienLinks) freget de hear Verf hoe't de brede maatskiplike diskusje stâl krije kin.

De hear Verf andert dat der rom de tiid foar nommen wurdt moat. Yn in perioade fan 1 of 2 jier kinne der ferspraat oer provinsje genôch jûnen organisearre wurde om de befolking te hifkjen.

De foarsitter seit de hear Verf tank foar syn ynbring.

Drs. Th. Dijkstra, foarsitter fan de wurkgroep "Oanfalsplan Frysk", begjint te sizzen dat it brûken fan it wurd "oansfalsplan" net by eltsenien goed fallen is. Mar it wol allinnich mar oanjaan dat der serieuus wurke wurde moat om de Fryske Taal te behâlden. It is in soarte fan Deltaplan om goed ynspylje te kinnen op de heterogeniteit fan de befolking yn ús provinsje. Dêrfoar is in yntegraal taalbelied nedich op alle domeinen, bygelyks troch it ynfieren fan trijetalich ûnderwiis. Sjoen oer 2 generaasjes is it brûken fan it Frysk mei 20% efterút gongen. Wa't tinkt, dat it mei it Frysk allegear wol wer goed komt is in romantikus. It is realistysker te finen dat it net goed komt. Perfoarst as sjoen wurdt dat ûnder jongeren it persintaazje dat Frysk brûkt noch leger is as it generaal gemiddelde. Sa'n 48% fan de âlden prate Frysk mei de bern. Yn Littenseradiel leit dat op 70%. Yn de mear stedelike gemeenten Ljouwert, Snits en It Hearrefean leit dat persintaazje folle leger: 10 á 20%. As bern fan it plattelân yn dy plakken nei skoalle geane wurde hja fan harren taal ôfsetten, trochdat hja útlake wurde. Dêrtroch leit der in grutte druk om it taalgebrûk yn die situaasjes fêst te hâlden. Dat jildt sawol foar de âlden as foar de bern. Fierders is it suver gewoan wurden yn gearkomsten gjin Frysk te praten as der bygelyks mar ien finger omheech gien is as antwurd op de fraach "Wie kan geen Fries verstaan?" Ut ûndersyk fan de skoalle-ynspeksje blykt dat 80% fan de âlden fynt dat it Frysk op skoalle in goede ynfolling krije moat. Mar tusken taalhâlding en taalgedrach sit in grut ferskil. De helte fan de Fryske befolking praat bûten de doar al gjin Frysk mear. Bang om in tik oer de noas te krijen. Frysk is dus gjin earste sprektaal mear. Troch de tanimmende heterogeniteit fan de befolking binne nij-ynkommende bewenners de taal fuortdalik net machtich en wurdt der Hollânsk praten.

Troch trijetalich ûnderwiis yn te fieren en it noch mear brûken yn iepenbiere romten, kin befoardere wurde dat it Frysk wer de earste sprektaal wurdt. Om it Frysk net as in minderwaardige taal troch oaren delsette te litten, moatte der bewustwêzenstrainings organisearre wurde om in goede taalhâlding te krijen. Ek de subsydzje- en beneamingseasken kinne oanskerpe wurde. De kearn fan it rapport leit besletten yn de 3 kolommen:

1e. de situaasje fan no; 2e. wat der dien wurde moat; 3e wêr't wy hinne wolle.

Oan de hân fan sheets yllustrearret de hear Dykstra syn ynbring. De ûnearlike machtsferhâldingen wêrmei't it Frysk te meitsje hat, moatte feroare wurde. Die ambysje mei en moat der wêze. Oars kinne we der better mar mei ophâlde. It ynstellen fan in Frysk Taalsintrum is dêrfoar fan grut belang. It brûken fan it Frysk yn it ûnderwiis is misgongen troch it gebrek oan kontrôle, rapportaazjes en it hanthavenjen fan it belied. Oppasse minsken tsjin de hieren yn de striken, mar wol mei der op morele, juridyske en emosjonele grûnen foar goede saken foar it Frysk opkommen wurde.

It Konsultatyf Orgaan hat de minister fan ûnderwiis oer in tal saken ynformearre.

It nije sintrum kin it belied útfiere, ûntwikkelje, evaluearje, hanthavenje ensfh. Útgeande fan it Welsh Language Board is it personielsbestân rûsd op 38 Fte en de kosten op € 3.020.000,00.

Mefrou De Graaf-van der Meer (FNP) sprekt har wurdearring út foar it gearstallen fan de nota en freget oft it net better wêze soe alle domeinen fuortdaliks oan te pakken om fersnippering foar te kommen.

De hear Dijkstra andert dat dit wol ideaal wêze soe, mar de hâlding yn de wurkgroep is dat we net yn ien kear fan de flier op de souder gean moatte.

Mefrou Van Duinen (PvdA) freget oft de kosten troch it útfieren moatten fan allerhanne maatregels en projekten de kosten fan it sintrum net heger komme te lizzen dan € 3 miljoen. Mar troch alle kosten op de ferskate nivo's te bondeljen foar it útfieren fan it hjoeddeiske belied foar it Frysk kinne we mei-inoar in ein komme.

Mefrou Miedema (VVD) freget oft it sintrum net beheind bliuwe kin ta de taal allinnich, omdat der al in goed provinsjaal kultuerbelied bestiet.

De hear Dijkstra andert dat de Fryske taal de drager is fan de Fryske kultuer. Tink derby bygelyks oan de literatuer.

Mefrou Haga (ChristenUnie) freget hokker skoallen 3-talich wurde moatte?

De hear Dijkstra seit dat it yn earste ynstânsje giet om de basisskoallen en dat der in diskusje rint om it ek yn it fuortset ûnderwiis yn te fieren. De wurkgroep fynt it yn elts gefal belangryk dat it trijetalich ûnderwiis al op de pjutteboartersplakken begjint en ek nei de basisskoallen yn it fuortset ûnderwiis trochgiet. Mar dit is in ideaal byld. De wurkgroep sjocht dit as in groeimodel.

De foarsitter freget hoe't de wurkgroep tinkt oer de Stellingwerven.

De hear Dijkstra seit dat de wurkgroep him streektalfeonlik opstelt nei de Bilthoeke en de Stellingwerven. De streektalen en it Frysk kinne mekoar oer en wer fersterkje.

Mefrou Haga (ChristenUnie) seit dat har fraksje in positive grûnhâlding foar it Frysk hat, mar fynt wol dat de wurkgroep heech ynset mei de hâlding "sa moat it en net oars". It moat allegearre ek mar kinne. De ambysjes binne te heech, sa as it ynfieren fan it Frysk op alle pjutteboartersplakken en yn berneopfangsintra, it brûken fan it Frysk troch rjochters. Wat moat dat allegearre wol net kostje? De fraksje fan de ChristenUnie is it iens mei de opfetting fan Oebele Brouwer dat it brûken fan it Frysk allinnich mar stimulearre wurde kin troch it fasilitearjen derfan. In útnoegjende en net in ferplichtsjende hâlding moat it útgongspunt wêze by it belied. Dus ek net it ferplicht trochfieren fan 3-talige skoallen. Bern moatte sels kieze kinnen. Op de fraach fan mefr. De Graaf-van der Meer (FNP) as bern dan ek wol it oanbod krije moatte, andert mefrou Haga (ChristenUnie) dat bern bygelyks op basisskoallen it Frysk bybrocht wurde kin, mar dat it net sa wêze moat dat it Frysk yn it fuortset ûnderwiis in ferplicht eksamenfak is. Yn de media kin it Frysk goed promoate wurde troch bekende Friezen (bygelyks Nynke Laverman e.o.). Mei Pyt Hemminga is de CU fan miening dat it realistysker is rekken te hâlden mei in twatalich dan in ientalich Fryslân

Mefrou De Graaf-van der Meer (FNP) fynt it in goed rapport. Bei it fêststellen fan belied foar it Frysk draait it altyd om de fraach: twingend of frijbljuwend. It is goed dat it provinsjaal bestjoer noed stiet foar de duorsumheid fan de Fryske Taal. Ek it Ryk is foar de twadde Rykstaal ferantwurdlik. Mar it kin better en dêryn moat de provinsje in foartou nimme sa as bygelyks de yntegrale oanpak dy't de wurkgroep foarstiet. It sintrum soe as in juridysk, finansjeel en organisatoarysk bolwurk delsetten wurde kinne om ynhâld te jaan oan it desintralisearre taalbelied en de dêrby hearende ambysjes. No't de minister de ynfiering fan in goede taalwet trochsette wol, is it fan belang der goed op yn te spyljen bygelyks by it opstellen fan de útfieringsregels en it finansjele systeem. Yn it sintrum kin alle kennis dy't der by ferskate ynstellings oangeande it Frysk bestiet, bondele wurde om ta in grut maatskiplik rendemint te kommen. Sy freget oft deputearre De Vries tasizze wol om mei in útstel te kommen wêryn alle mooglikheden oangeande it oanfalsplan beskreaun wurde.

De hear Van der Honing (GrienLinks) seit dat ek syn fraksje sûnder betingst de Fryske Taal foar de takomst bewarje wol. Hoe dêr ynfolling oan te jaan? "Twang" of "ferlieding"?

Syn fraksje kiest foar it lêste. It is krekt sa as mei bewege, wat goed is foar de minsken. Mar we sette eltsenien net ferplicht thús op in hometrainer. We moatte útdrage dat we grutsk binne op de Fryske Taal en Kultuer. Hy freget oan de deputearre oft der in útstel makke wurde sil wêryn út de doeken dien wurdt hoe't der ûnder de befolking in draachflak berikke wurde kin om in noch better taalbelied te ûntwikkeljen. Op de fraach fan mefrou De Graaf-van der Meer of it taalbelied no dan net goed wêze soe, andert hy op basis fan de útkomsten derfan in realistysk belied ûntwikkele wurde kin. Syn fraksje fielt der net foar om alle oanbefellings fan de wurkgroep te honorearjen, want dat freget miljoenen.

De hear Benedictus (CDA) seit dat syn fraksje de doelen fan de wurkgroep ûnderskriuwe kin, lykas de needgjalp dy't yn it plan oangeande it Frysk besletten leit. De ferplichtsjende toan yn it rapport noasket de CDA-fraksje net. Der steane goede dingen yn it oanfalsplan, dy't yn it belied fan de provinsje ynpast wurde kinne, omdat dat fanút De Haach net ferwachte wurde hoecht. In brede maatskiplike diskusje sjocht syn fraksje net sa sitten. Mei in goede toansetting moat ek in soad berikke wurde kinne. It opsetten fan in sintrum, dêr fielt de CDA-fraksje wol foar, mar wol dan wol graach in goed útstel fan it kolleezje deroer krije. Dat mei

ek wol jild kostje. Sels kaam er yn syn berekningen al út op €5 miljoen. Mei in goed plan kin mooglik ek it Ryk oer de streep lutsen wurde foar ko-finansiering.

Mefrou Miedema (VVD) begjint mei de konstataarring dat der by de provinsje noch hieltiten kânsen om it Frysk te brûken net benut wurde. It leit dôchs foar de hân just dit útstel yn it Frysk te produsearjen? Wêrom moast it nei de stúdzjedei op 26 oktober 2008 sa lang duorje eart dizze besprutsen wurde kin?

De VVD-fraksje wit dat de belangen foar it Frysk oan 'e oarder komme:

- 1e. yn de provinsjale steatekommisje foar it opnimmen fan it Frysk yn de Grûnwet;
- 2e. yn de lanlike komisje foar it Frysk;
- 3e. yn it Konsultatyf Orgaan foar it Frysk
- 4e. op regearingsnivo bij de desintralisaasje fan it taalbelied.

De VVD-fraksje wol graach fan DS mear witte oer dizze struktueren en in rapport/útstel fan it kolleezje krije mei harren opfettings oer it oanfalsplan mei in gearhingjende finansjele beskôging. Op de fraach fan de hear De Boer (ChristenUnie) oft it te dwaan is om de steatekommisje noch mear wurk ta te skowen, andert mefrou Miedema dat hja graach witte wol oft der wol in goede wurkferdieling tapast wurdt.

Mefrou Van Duinen (PvdA) sprekt har grutte wurdearing út yn de rjochting fan de gearstallers fan it oanfalsplan. It hjoeddeiske taalbelied dat útgiet fan stimulearje en fasilitearje is goed. It oanfalsplan giet fan "rjocht" nei "plicht". It giet om de fraach op hokker wize kinne we it measte berikke. Te fier trochtriuwe ropt wjerstân op.

By ferskate ambysjes wurde fraachtekens pleatst:

- it ynfieren fan it trijetalich ûnderwiis yn de Stellingwerven;
 - it ynfieren fan it fak Frysk as ferplicht eksamenfak neist dat fan Nederlânsk;
 - it ferplicht stellen fan it Frysk foar minsken dy't mei rjochtstapassing anneks binne;
- Dit ropt dôchs wjerstân op? En it kostet hannen fol jild. It binnenheljen fan in net-Frysktalige bestjoerder om it Frysk te befoarderjen, dêrfan seit mefrou Van Duinen (PvdA) oan Hollânske striemannen gjin behoefte te hawwen.

Ek Omrop Fryslân wrâldnijs útstjoere te litten, freget grutte organisatoaryske feroarings en jild. En oan de oare kant soe de omrop twongen wurden moatte mear omtinken te jaan oan eveneminten yn de doarpen omdat dêr de Fryske Kultuer útdragen wurde soe. Media ferplichtsje, dêrfoar moat de oerheid hoeden wêze. Lykas it oplizzen fan subsydzje-easken en beneamingseasken.

In wichtich domein seit mefrou Van Duinen (PvdA) yn it oanfalsplan te missen: it thúsfrent! De taaloerdracht begjint dêr tusken âlders en bern.

De PvdA-fraksje kin him wol fine yn it oprjochtsjen fan in taal- en kultuersintrum, mar is der wis fan dat we der dêrmei kwa kosten noch lang net binne. Hat de wurkgroep neitocht oer it stellen fan prioriteiten?

De foarsitter freget oan de hear Dijkstra op hokker termyn de wurkgroep dizze fraach beäntwurdzje kin. De hear Dijkstra antwurdet dat dat oer 14 dagen wêze kin.

Deputearre De Vries is bliid mei it rapport en seit de wurkgroep tank foar it opstellen derfan. Frysk is net allinnich in tema foar bestjoerders, mar ek foar de boargers. It Fryske taalbelied "Fan rjocht nei praktyk" is realistysk en útnoegjend. Dat belied rint oant en mei 2010, mar oant en mei 2011 soe better wêze. De dêryn keazen doelen binnen de ferskate domeinen wurde útfierd. Dit oanfalsplan sil foar in langere termyn jilde moatte. Dêryn sitte brûkbere eleminten. De ynfiering fan trijetalige skoallen krijt al omtinken, lykas it twaskoalse edukaasjebelied. Oan it projekt "Frysk yn it bedriuwslibben" sille minstens 50 bedriuwen meidwaan. It eigen taalbelied sil útgongspunt bliuwe moatte. De komisje Hoekstra is dwaande om ta desintralisaasjes fan it taalbelied te kommen. Mooglik is dêroer 1 jannewaris 2010 mear bekend hoe't it komt. Deputearre mefrou De Vries seit op die útslach graach earst wachtsje te wollen om dan de mooglikheden en kânsen foar in sintrum better beoardielje te kinnen. Foarútrinnende dêrop kin alfêst wol yn in notysje oanjûn wurde hokker oanbefellings fan de wurkgroep yn it provinsjaal taalbelied opnaam wurde kinne. Om it draachflak te ferbreedzjen tinkt deputearre De Vries deroan om foar "jonge âlders" in goede ynfalshoek te

sykjen om dêrmei in meartalige opfieding yn de hân te wurkjen. Dat fynt hja effektiver dan in brede maatskiplike diskusje.

Resumearjend seit deputearre De Vries ta:

1e. dat yn de earstkommende rapportaazje fan DS oer de fuortgong fan it provinsjaal taalbelied oan 'e oarder komme sil hokker eleminten út it oanfalsplan yn it eigen taalbelied meinommen wurde kinne;

2e. dat der nei de rapportaazje fan de kommisje Hoekstra yn de twadde helte fan 2010 diskusjearre wurde kin oer in nota fan DS wêryn de opset en organisaasje fan in Sintrum foar de Fryske Taal en Kultuer beskreaun wurde sil.

De foarsitter seit de hear Dijkstra tank foar syn ynbring en deputearre De Vries foar de beântwurding fan fragen en it jaan fan ynformaasje.